

PARSEBERJOCHT

Nûmmer: GH

Datum: 27 augustus 2025

Sân sollisitanten foar boargemasterskip gemeente Tytsjerksteradiel

Sân minsken meitsje gading nei de boargemasterspost fan de gemeente Tytsjerksteradiel. Fjouwer manlju en trije froulju. Fjouwer kandidaten binne tusken de 50 en 60 jier âld en trije boppe de 60. Trije sollisitanten binne partijleas, de oaren binne lid fan PvdA-GrienLinks, CDA, D66 of de Piratenpartij. At de proseduere neffens planning ferrint sil de nije Kroanbeneamde boargemaster omtrint begjin takom jier ynstallearre wurde.

Op dit stuit is Tineke Schokker-Strampel waarnimmend boargemaster fan Tytsjerksteradiel. Sy folge yn maart tydlik Jeroen Gebben op dy't direkteur waard fan de Veiligheidsregio Fryslân en algemien kommandant fan Brandweer Fryslân.

Kommissaris fan de Kening Brok hat mei de fertrouwenskommissje de sollisitanten besprutsen. De kommissje hat alle brieven sjoen. Yn goed oerlis is mienskiplik in seleksje makke. De kommissje praat mei de selektearre kandidaten en bringt ferslach út oan de gemeenteried mei in konsept-oanbefelling.

De gemeenteried beslút úteinlik hokker twa kandidaten op de oanbefelling komme te stean en yn hokker folchoarder. De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes folget yn har foardracht oan de Kroan yn begjinsel de oanbefelling fan de ried. De Kroan beneamt dêrnei de nije boargemaster per Keninklik Beslút.

PERSBERICHT

Nûmmer: GH
Datum: 27 augustus 2025

Zeven sollicitanten voor burgemeesterschap gemeente Tytsjerksteradiel

Zeven mensen hebben gesolliciteerd op de burgemeestersvacature van de gemeente Tytsjerksteradiel. Het zijn vier mannen en drie vrouwen. Vier kandidaten zijn tussen de 50 en 60 jaar oud en drie zijn boven de 60. Drie sollicitanten zijn partijloos, de anderen zijn lid van PvdA-GroenLinks, CDA, D66 of de Piratenpartij. Als de procedure volgens planning verloopt zal de nieuwe Kroonbenoemde burgemeester begin volgend jaar worden geïnstalleerd.

Op dit moment is Tineke Schokker-Strampel waarnemend burgemeester van Tytsjerksteradiel. Ze volgde in maart tijdelijk Jeroen Gebben op die directeur werd van de Veiligheidsregio Fryslân en algemeen commandant van Brandweer Fryslân.

Commissaris van de Koning Brok heeft met de vertrouwenscommissie de sollicitanten besproken. De commissie heeft alle brieven gezien. In goed overleg is gemeenschappelijk een selectie gemaakt. De commissie spreekt met de geselecteerde kandidaten en brengt verslag uit aan de gemeenteraad met een concept-aanbeveling.

De gemeenteraad besluit uiteindelijk welke twee kandidaten op de aanbeveling komen te staan en in welke volgorde. De minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties volgt in haar voordracht aan de Kroon in beginsel de aanbeveling van de raad. De Kroon benoemt vervolgens de nieuwe burgemeester per Koninklijk Besluit.